

Jierrekken 2021

Algemien

De jierrekken 2021 fan de Ried fan de Fryske Beweging (tenei RFFB) jout ynsjoch yn de finân-sjele sitewaasje. It binne net allinnich sifers, mar der is ek op ûnderdielen neiere taljochting.

Eksploitaasje

Yn de neikommende tabel stiet in oersicht fan de eksploitaasje 2021. Dêrby is in fergelyking makke tusken de begrutting en de werklike eksploitaasje.

Omskriuwing	begrutting 2021			werklik 2021			Omskriuwing	begrutting 2021	werklik 2021
	dir.kosten	yndir. koste	kosten	dir.kosten	yndir. kosten	kosten		baten	baten
Fedde Schurerlêzing	1.750	423	2.173	3.382	669	4.050	rinte & dividind	250	197
Oanmoediging (FRP, fear, plom)	2.250	544	2.794	4.909	971	5.879	stipe & jeften	6.250	8.176
Kontakt mei efterban & belied	2.000	484	2.484	989	195	1.184	Ynkomsten 'de Nije'	8.500	9.958
Abonneminten foar achterban	5.000	0	5.000	4.883	0	4.883	Ynkomsten 'it Nijs'	2.000	2.000
							ferskaat		
sub-totaal 'sichtberens'	11.000	1.452	12.452	14.161	1.835	15.996	sub-totaal eigen baten fan de Ried	17.000	20.331
Bestjoer & Beleid	2.750	665	0	767	152	919	Subsydzje Provinsje Fryslân	20.400	20.400
Ynternasjonale kontakten	3.250	786	4.036	3.199	633	3.832	Oare subsydzjes en ynkomsten	0	0
sub-totaal 'suksessen boeke'	6.000	1.452	7.452	3.966	784	4.751	sub-totaal subsydzjes	20.400	20.400
3. It Nijs.frl									
Redaksje	17.320	4.191	21.511	18.807	3.719	22.526			
Middelen	2.500	605	3.105	3.301	653	3.954			
sub-totaal 'It Nijs.frl'	19.820	4.796	24.616	22.108	4.372	26.480			
Advies & kantoar	2.400	-2.400	0	3.277	-3.277	0	Bestimde reserves	14.500	14.500
Oare kosten	5.300	-5.300	0	3.714	-3.714	0	Ynkomsten bûsboekje	15.000	14.036
sub-totaal Ried	7.700	-7.700	0	6.991	-6.991	0	sub-totaal 'bestimde reserves'	29.500	28.536
Tiidskrift 'De Nije'	28.000	0	28.000	29.026	0	29.026	Tekoart (betelle út eigen reserve Ried)	23.620	23.579
Frysk bûsboekje	15.000	0	15.000	14.393	0	14.393			
Juridyske proseduere	3.000	0	3.000	2.200	0	2.200			
sub-totaal 'útjeftes & projekten'	46.000	0	46.000	45.619	0	45.619			
Totale kosten	90.520	0	90.520	92.846	0	92.846	Totaal fan alle soarten baten	90.520	92.846

Taljochting op de eksploitaasje 2021

De eksploitaasje 2021 fan RFFB slút mei in negatyf saldo fan € 23.579. Dat wie earder begrutte op € 23.620.

Kosten

De totale kosten foar 2021 wiene begrutte op € 87.520. Letter binne dy kosten yn de begrutting bysteld nei € 90.520. De ferheging is opnaam foar it beteljen fan in ûndersyk nei in juridyske proseduere oer it Fryks. De totale kosten yn de begrutting is likernôch gelyk as de werklike kosten. Binnen de ferskate ûnderdielen binne der wol wat ferskillen.

De kosten foar belizzings wurde net apart ynsichtlik makke yn it eksplotaasje-oersicht. Yn 2020 wiene de kosten foar de Rabobank € 2.728,61. (0,60%) en yn 2021 wie dat € 3.243,98. (0,61%, krektlyk as yn 2019)

De yndirekte kosten binne de kosten dy't de Ried ek hawwe soe at wy de hjirfoar neamde aktiviteiten net dwaan soene. Dat binne kosten foar bygelyks hûsfêsting en gearkomsten fan it bestjoer, mar ek de bestjoersadviseur en de administratyf meiwurker. Deze kosten wurde tarekkene oan de direkte aktiviteiten. Dêrom steane se as negatyf ûnder it kopke yndirekte kosten. Dizze kosten binne leger as begrutte. Dat komt benammen om't de kosten foar sealhier en reiskosten sawat nihil wiene troch de koronamaatregels.

De kosten foar de Fedde Schurerlêzing binne heger as begrutte. Dat komt benammen troch de kosten foar de sealhier by de Koperen Tún. Fanwege de korona-maatregels koe de lêzing net by Tresoar plakfine.

De kosten foar Itnijs.frl binne wat heger útfallen as begrutte. Dat komt benammen troch ekstra ynset fan de redaksje en hegere kosten foar de webside. It beslút om de redaksje út te wreidzjen is naam as kompensaasje fan it net trochgean fan de oanfrege ekstra stipe fan de provinsje.

De kosten fan DE NIJE binne heger as begrutte, mar dêr stiet ek tsjinoer, dat de ynkkomsten heger wiene. De provinsje hat in stipe jûn fan € 3.000 foar in reklamekampanje fia de lokale radiostjoerders en Omrop Fryslân. In oantal abonnees fan DE NIJE groeit noch altyd. De ferkeap yn de winkels giet noch net hiel goed. Dat komt mooglik mei troch de korona-maatregels. De oplaach yn de winkels wurdt yn 2022 mei 100 per nûmer werombrocht.

Baten

De baten binnen leger as de kosten. Hjirtroch is der in tekoart op de eksploitaasje. Om kosten en baten yn it oersjuch yn balâns te hâlden stiet it tekoart as in posityf bedrach fermeld.

De baten wiene begrutte op € 66.900. (€ 90.520 minus tekoart fan € 23.620) Uteinliks wiene dy baten € 69.267 (€ 92.846 minus tekoart fan € 23.579) It ferskil sit der benammen yn dat yn de ynkkomsten út stipe heger wiene. Ek krigen wy in net begrutte stipe fan de provinsje foar de reklame kampanje fan DE NIJE.

Saldo

Om 't de kosten folle heger binne as de baten, wie der yn 2021 in negatyf saldo. Besletten is dat de tekoarten dutsen wurde út de eigen reserve fan de Ried. Elk jier (oant 2030) is dêr € 14.500 foar útlutsen. Dêr komt lykwols it ekstra tekoart noch by.

Taljochting op de balâns op 31 desimber 2021

De balânsposysje is yn 2021 leger wurden. It balânstotaal stie op 1 jannewaris 2021 op € 719.906 en op 31 desimber 2021 wie dat € 718.026. It balânstotaal naam ôf mei € 1.880. Dat de ôfname beheind is, komt folslein troch in posityf belizzingsrisseltaat. De beurzen diene it goed yn 2021.

Effekten

De wearde fan de effekten is yn 2020 ferhege fan € 506.333 nei € 544.583. De belizzersrekken kin net los sjoen wurde fan de effekten. De stikken binne yn behear by de Rabobank. It ôfsprutsen profyl is 'defensyf' en 'duorsum'.

Balans op 31 desimber 2021

(bedragen yn €)

Aktiva	1-1-2021 31-12-2021		Passiva	1-1-2021 31-12-2021	
<i>Rinnende bankrekkens</i>			<i>Fermogen</i>		
RABO 132260158	6.519	4.908	eigen fermogen fan de Ried		
RABO13368559869 doelreserveren	50.881	52.079	Jisk Koopmans Fûns (JKF)	548.955	572.359
ING 1123454	43.785	7.426	Risseltaat JKF	33.404	38.557
<i>totaal rinnende bankrekkens</i>	101.185	64.413	Kwytskelding liening Fryslân Fûns	0	-2.000
<i>Oare bankrekkens</i>			nije bestimde reserve	-10.000	-5.000
RABO-Frysk Bûsboekje	10.388	10.030	oandiel eksploitaasjerisseltaat	0	0
<i>totaal sparrekkens</i>	10.388	10.030	Jisk Koopmans Fûns (JKF)	572.359	603.916
<i>Deposito- en sparrekkens</i>			frije algemiene reserve fan de Ried	145.125	127.159
RABO 1097621146	0	0	bestimde reserve eksploitaasje	0	-14.500
ASN Sparrekken	100.000	99.000	oandiel eksploitaasjerisseltaat	-17.966	-23.579
TRIODOS bank 2205324438	0	0	frije algemiene reserve fan de Ried	127.159	89.080
<i>totaal depositorekkens</i>	100.000	99.000	<i>totaal algemiene reserve fan de Ried</i>	<i>699.518</i>	<i>692.995</i>
<i>Belizzingen</i>			<i>bestimde reserve biografy Feitsma</i>	<i>10.000</i>	<i>10.000</i>
RABO 0328094994 belizzersrekken	5.680	9.255	<i>bestimde reserve Pier21 (Kneppelfreed)</i>	0	5.000
Effekten	500.653	535.328	<i>Bestimde reserve bûsboekje</i>	<i>10.388</i>	<i>10.030</i>
<i>totaal belizzings</i>	506.333	544.583	<i>Bestimde reserves</i>	20.388	25.030
<i>Foarderingen</i>					
Liening Fryslân Fûns	2.000	0			
<i>totaal foarderingen</i>	2.000	0			
Totaal fan de aktiva	719.906	718.026	Totaal fan de passiva	719.906	718.026

Datum: 23 april 2022

status: Goedkart troch de grutte Ried

Eigen fermogen fan de Ried: it Jisk Koopmansfûns (JKF)

It Jisk Koopmans Fûns is de rêchbonke fan it fermogen fan RFFB. It datearret fan 2009. It startkapitaal wie € 640.090. As ANBI moatte wy it jild ynsette foar de aktiviteiten. We meie dat net allegear oppotsje. Dêrom is in part fan it fermogen ynbrocht yn de frije reserve fan de Ried, sadat it brûkt wurde kin foar aktiviteiten. Yn 2020 is it JKF mei likernôch € 30.000 nei € 572.359. Yn 2021 wie der in soartgelikense groei en dêrmei is de wearde fan it fûns op 31 desimber 2021 € 603.916.

Inkele eleminten binne fan belang:

- Yn in aparte rigel 'Risseltaat JKF' wurde fluktuasjes yn de koersen fan de effekteportefeuille en de sparrekens ferwurke; troch dy hjir te ferrekkenjen fersmoargje se de eksploitaasje net. It positive risseltaat fan it JKF is yn 2020 fêststeld op € 38.557.
- Troch it oerheveljen fan in part fan it fûns nei de frije algemiene reserve soe it JFK tsien jier ynset wurde kinne om oan in basisfermogen te bouwen foar de perioade hjirnei. De tekoarten wurde de kommende jierren finansiere troch de Ried sels, op basis fan wat oant 2020 opboud is.
- Mei de frije reserve soe de Ried tsien jier foar út kinne. Troch de tekoarten op de eksploitaasje yn 2020 en 2021 is dit ferkoarte nei seisenheal jier. At wy yn de komende jierren sa trochgeane, dan moatte wy yn 2024 al wer in berop op it JKF dwaan.

Eigen fermogen fan de Ried: frije algemiene reserve fan de Ried

- Yn 2021 wie der in tekoart op de eksploitaasje fan € 23.579. Dat tekoart wurdt oanfolle út de frije reserve fan de Ried. Mei de bestimde € 14.500 is dat in delgong fan € 38.079 op de frije algemiene reserve fan de Ried.
- Dat betsjut dat de frije reserve op 31 desimber 2021 meiinoar € € 89.090 is. Dat giet dan om it folgjende: Rabo (€ 4.908) + ING (€ 7.426) + Sparrekken (€ 52.079) en in part fan de ASN (€ 24.667).

Resumearjend: Oer it jier 2021 wie der in tekoart fan € 23.579 mear as jierliks út de bestimde reserves brûkt wurde kin. Der sil dus de kommende jierren minder kosten makke wurde moatte of der sil oanfolgjende finansiering fûn wurde moatte om dat ekstra tekoart goed te meitsjen.

Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve biografy Feitsma en Pier21

- Der is in tasizzing dien foar in garânzje-stipe oan de biograaf fan Tony Feitsma fan € 10.000. Mocht it net rûnkomme mei de finansiering fan dizze biografy, dan kin dêr dus oanspraak op makke wurde. Dit bedrach is dêrom reservearre út it JKF.
- Der is in tasizzing dien foar in stipe fan € 5.000 oan Pier21 foar in tal foarstellings oer Kneppelfreed. De Ried wurdt neamt as sponser. De stipefaktuer is noch net binnenkaam. Dit bedrach is dêrom reservearre út it JKF.

Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve Frysk bûsboekje

- Dizze bestimde reserve fungearret as earmerke buffer foar de eksploitaasje fan it Frysk bûsboekje. De ferkeap fan it bûsboekje hat net in soad te lijen hân fan de koronamaatregels. Der wie sels in lytse taname. De reserve foar it bûsboekje is op 31 desimber 2020 in groeit nei € 10.388.

Skulden: noch te beteljen kosten

De Ried besiket de ferplichtingen oan de ein fan it kalinderjier sa goed mooglik yn byld te krijen en de rekkens foar 1 jannewaris te beteljen. Dêrmei wurdt it noch te beteljen bedrach sa leech mooglik hâlden. Dat hat fan gefolgen dat de stân op 31 desimber 2021 útkommen is op € 0.

Foarderingen: Liening oan Fryslân Fûns

It Fryslân Fûns hat in rinteleaze liening krigen fan de Ried. Dat is in bedrach fan € 2.000. Dat bedrach is noch net werombetelle. It Fryslân Fûns is yn 2021 start mei in crowdfundaksje om mear finansjele middelen te krijen. It bestjoer fan de Ried hat besletten om de rinteleaze liening frij te skellen. Dêrneist jout de Ried yn 2022 ek noch in bydrage fan € 800. Dat is oerbleaun fan de begrutting fan it juridysk ûndersyk. Dêrmei stipet de Ried it Fryslân Fûns yn de praktyk mei in bedrach fan € 2.800.